


TADE MOARN



TA DE MOARN

IN MENNICH GEDICHTEN FEN

R. P. SYBESMA

1927

TO DOKKUM BY J. KAMMINGA

[Mei seis houtfiken fan Evert Caspers]

FEN FRYSLAN'S ROMTEN



I

It âlde Fryslân leit yn winterrêst.
De swiere loftten driuwe 'r oer en driigje,
En dei oan dei de swarte beammen niigje,
En kleij' hjar wémoed út oer 't smûke nêst.

Skier wetterlân, hwêroer de weagen riigje
Yn brede kloften, wyld en ûngerêst !
De stoerens klibbet oan dizz' oarden fêst,
As jountiidsrea en moanneglim fortiigje.

Dû, bliuw dysels, it libben stoarmet oan,
As winter's ûntiid oer goe-Fryslân's romten,
Unlijich, hird en wreed, mei great fortoan.

Stean fêst en sterk en wêz in Friez'ne soan,
De maitiid komt mei glâns en kleur en blomte,
Ta bloei it âlde lân, ta bloei aloan.

II

Dêr is it rom, dêr ammet men de wyn,
Dy't fyn en koel, oer wiet en lânnen waeit;
In goezzekloft, de mounne dy't dêr draeit,
Op kimen wiid, dit hat hwet eigens yn.

En hiel it gea, yn winterearmens klaeid,
Wirdt glânzich-ljocht as fen 'e maitiidsskyn;
Dit is de dage wer fen lang forlyn,
Dy 't oer in sonken wolk omhegen laeit.

Yet wachtet Fryslân dy mei drôf geroft,
De ljurk is net omheech, en biidzjend stiet
't Unthjittend beamte yn 'e diiz'ge loft.

Al-wide romten, dêr 't in mounne giet
Yn koele wyn, en dêr 't in goezzekloft
It gûlend útgeit, 't ivich-frije liet.

III

Feal iepen fiild, hwer 't nou de dei oer riist,
Wiid yn forlittenheit en dize-omwoun.
Wyn waret om dyn stierrend oantlit roun,
Yn 't ivich riedsel fen dyn striid bitiisd.

Dochs bliuwstû great – dyn hirde skiere groun
Hat 't heimnis yn, dêr is ús liif út riisd.
Klif, dat it swalkjend séfolts laet en wiist
En stadich útrint al dyn marren roun.

It fûgelt saeit yn kloften oer dyn wiid.
Hjarr'n twingt natûr nei ljocht en myld kontrei.
Sok wiuwen fen hjar wjukken, 't roppen bliid!

Hja nimme alle tier en skientme mei
En ienlik, dû – by't hjerst en wintertiid,
Dû bidest stil, yn noed en smerten wei.

IV

Hja dûke út moarn en skimer skriemend op,
Keard ta hjar eigen sels en treast forlern.
Nei 't winterlân hja lykje op to tsjên,
De sinne ûntwend en frjemd oan fûgelrop.

Ho stean hja drôf, forlitten beammetrop,
Dochs lûkend elts, dy 't noch hjar weelden ken.
Yn boete en skild, as stille sûndebern
It swiere paed fen leed en lijen op.

Ik sjuch hjar troch de moarn dy 't moeisum wint,
Al stoarjend nei hjar dûnk're stamme en krún
En wachtsjend eat, dat mei de dizzen rint.

Mar alles leit yn hjerstklean feal en brún,
Net ealgjend hwet it herte wol en mint,
Net wittend fen de tiid syn woede en hún.

V

De weagen jeije bold'rjend foar my lâns,
Wyt fen it skom en einleas yn hjar tal.
In moeisum wrakseljen, in rimp'ne fal,
Mar rêstleas wer omheech ta nije kâns.

Gewelt'ge striid, en mannich drage in krâns.
Mar eltse oerwinning is in wisse fal.
It deageroft droan't út hjar rigen al
Oerditsen fen de dei syn diiz'ge glâns.

Deun oan myn hert dit finzene gewelt,
Dat yn syn oandreau alle frede nimt
En ta syn heil, de tsjustre wei net telt.

Dit swiere gean troch hjerst en dize en kjeld
Dat alle lûd en deisk geroft oerstimt
En mank myn rêst syn grime en woede stelt.

DE REIDEN

De reiden bûge del hjar brúne plommen,
Yn d' einleas grize sigens fen 'e dei;
Hjar tinne stâllen jowe beevjend mei,
Hwent hjerst hat al de griene lizen nommen.

Sa hommels binn' de kâlde nachten kommen
En dimmen stoar de simmerweelde wei,
Wylst oer de weagen moannemyldens laei
En stjerren treastgjend oan 'e himel glommen.

Myn feale reiden, nou 'k jimm' ljeavje mei,
As lêsten fan de let forwylge blommen,
Ei, lit my toevje dizze bleke dei,

Om 't moam wol faeks yn wyld en rou gejei,
d' Unlij'ge hierst de weagen slacht ta skom, en
Mûlk komt in man en skart jimm' plommen wei.

UNLIJ'GE NACHT

As wer de stoarmen komme en om dyn toer
De lûden gûle fen in einleas liet,
As weagen roppe fen hjar wreed fortriet,
Troch swarte nacht de deade dúnen oer,

As skril in skynsel troch dyn skûlplak giet
Fen nearzich ljocht, det walmet wyld-ûnstjûr,
As njunken dy dyn byld roungear, foaroer,
– It moeisum wachtsjen wirch – sa wankel stiet:

Den flean' der lette fûgels troch de nacht,
Mei britsen wjukslach nei dyn ljochte wacht.

Den jou ik oan 'e wyn myn tinzen oer
Dy 't fleane as fûgels nei dyn stoere toer.

Mar den, den hearste net hjar teare bea . . .
De moarntiid bringt dy wémoed by hjar dea.

CORVUS CORNIX

Skier-swarte fûgel, o, dou doarmest roun,
En slachst dyn feale wjukken yn 'e rein;
Bistou út langstme nei dizz' oarden tein,
En ljeavest sa dizz' hjerstich-wiete groun ?

Skier-swarte fûgel, hat de wyn dy sein,
Det hjir de blide simmertiid forroun ?
En hast' it beamte drôvich suchtsjend foun,
Wylst al hjar siersel foel oer paed en plein ?

Dou bist' oer woel'ge wide wetters flein,
Dyn iensum reisgjen is op nij bigoun,
Nou 't rûge weagen skomje sûnder ein.

Dit feale lân hat dy de frijdom joun,
Hwent ringen rint de bleke dei to'n ein
En einleas-lang is 't rûzjen fen 'e joun.

WINTERTIJD



I

In moarntiid waeide in stive, kâlde wyn
Oer deade rûge hjerstklean fen 'e lânnen;
It skom fen weagen laei yn wite rânren
Sa klear dêrom – dêr wier hwet wûnders yn.

En wûnder rûzde 't reid troch hiel hjar stânnen:
Wiern' hja net mear biwend oan mylde skyn,
En hage hjar dit swiere wolkgerdyn,
Det ljochtfeas bleau en dôve 't sinnebrânnen?

En yn 'e lijte fen dy wûndre reiden,
Dêr fleach in winterfûgel iensum, stil,
As socht er heil en treast op fêster greiden,
As ealge 'r hwet, as wier der eat op til.

En tsjin 'e joun, do 't swart de himel stie,
Do wyndre út it Easten fine snie.

WINTERWILLE


Wer wynderje de flaggen, bûnt en kleurich,
Yn 't goud'ne ljocht fen d' earste winterdei,
En elts is warber, – nei de baen op wei,
Langstme op 't antlit, gol-fornoege en fleurich.

Nochlik gewimel, 't giet der âld om wei,
Me skout en skekt-en-docht, sa licht en swierich.
Der is muzyk, de toanen dounsje tierich
De tinne loft troch, 't is hast feest sa'n dei.

En 't jonge bloed streamt fûl, de winterwyn
Dy docht wer goed. Ho wriuwet er mût'le wangen
En leit hjar glâns yn d' eagen, silvrich-fyn !

Ho strûst 'r omheech mei d' ealste en beste sangen
En bliest in wûnder lok de lânnen yn,
In wûnder lok, út're yn djipste klangen.

SNIE



I

De wite flokken twirje om hûs en herne,
De wite flokken spûkje bûtendoar
En oan it finster strúnt it fyn en hoar,
De rûzing fen 'e snie, 't yn fal forlerne.

En ik, it bern; det effen harkje doar,
Ik, winterbliid, ien, njue en lok biskerne,
Ik fiel it klamme rût en 't each moat wenne
Oan tsjustre wite nacht, forskierd en soar.

Yn rigen ticht, de wite flokken komme
As kloften noegjend, winkend, boartsje mei !
Ik húvrje in hoart en trilje, kâld, biskromme.

Den, yn it smûke bêd yn dreamen wei;
Wit ik oan eigen langstme net t'ûntkommen
En dream fen 't glinsterjend read – de wite dei.

II

Yn 't wite fjild de slide, heech en fyn
Rûgelt it oan út lytse kop'ren skillen.
Oars alle lûd fen 't einleas klaed bistille,
En inkeld dit op skerpe winterwyn.

It draegt sa fier, me sjucht it hommels yn
De widens blank, de swarte skonken tille
Omheech en steil en 't is geniet en wille,
Sok slydskjen oer en yn ûnwenst'ge skyn.

Ho haw ik langstme hawn om ek mei klang,
Mei plommen wiuwend bliid en dert'ne sier
My út to rissen en op slach to kommen.

Nou lústert it, ik ha dy net fornommen
En net dyn reau en net dyn drok fortier,
Yn tiden net; al sûnt honear, ho lang ?

III

Nou leit sa rynsk hjar blankens út oer d'ierde.
Myn lân, yn sok in reinens wierste nea.
De loftten bôgje klear yn 't iere rea
En klokken dy 't ik selden hear, hja liede.

Nou leit it yn dyn skerte stil, it wea
Nachtstoune dy 't it woun en diek en fierde.
Gjin riker klaed, de djippe tearen spriede
It drôfste wei, fortrestgjend mear as ea.

Sa'n mantel wyt, dy is my net ûntsein.
Ik gean wer bliid, ik scil de skelen drage,
Omwoelle, omwoun, ticht yn 'e fâlden slein.

Den waechst it wei, de rin fen tiid, de sta'ge
Dy lûkt allinken fierder, wer fen ein.
Myn snieën wrâld, myn rike en goud'ne dage!

SWARTE KLYSTER

En winters wirdt dizz' swarte sjonger stil,
Wylst er mismloedich troch de hagen wynt.
O, ho 't er dryst in mannich kromkes slynt
En flechtich oer de snie tipt rêd en skrîl.

Ja, winters as de pronk fen 't hôf forkwynt,
Den wirdt er bare ûnrêstich; 't blier geskil
Fen d' eale stimme klinkt yet inkeld: 't scil
Him net mear haegje, nou 't giin wjerklank fynt.

Ho moat er dimmen swalkje hiel de tiid
Mids dize en rein en hjerstich wyngéhún,
En as de winter komt, ho'n swiere striid !

Sjonger, dy 't kwelet mids Septimberbrún,
Sa goed as mids it griene, lûd en bliid,
Dou bist myn treast yn dizze hjerst'ge tún.

OAN SÉ

De wide sé rint oan it strân foarby,
En weldich, machtich is syn rûz'ge stimme,
Dy ropt en twingt en lûkt en noeget jimme,
Ta syn great koel bistan fen tij en tij.

Uneinichheit. De blanke weagen klimme
En sinke yn skom en rize wer op nij
Ien wylde dining is 't en ien meldij.
De hichten yn it diiz'nich ljocht forglimme.

Dit binn' de weagen fan de greate sé
Dy rôlje aloan en 't bleke sân leit ré.

De sterken binn' 't dy 't al mar komme en gean.
Hjar krêft tobrekt en 't skiere dún bliuwt stean.

Us wollen lyk, ûnhearsum faek en wyld.
En det oer skoft en tiid syn doel bisylt.

DE FISKERMAN

De fiskerman, hy doarmet oer de weagen;
Syn boat giet op en del, as dounse it bliid.
It jounsrea kleurt de loft, de mar is wiid
En rom; it brûs forglydt yn lange reagen.

De fiskerman, hy wit fen wylder tiid,
En tinkt, ho rêd de winters fen him teagen
En 't Maitiid waard . . . nou gean syn stroeve eagen
Oer 't blinkend wiet, net wytgjend fan de striid.

En om syn âlde wente is fortier,
– Al ha de boaze stoarmen hiel hwet nommen –
In grien struwel en 't fûgelt hat plesier.

En om syn grize hierren bloeij' de blommen;
Al naem de mar hwet ienris sines wier,
In laeits is oer it rimp'le antlit kommen.

DE SWALKER

De swalker fielt de kâlde nacht al kommen,
As sinne jounglâns jit oer 't stille gea;
Hy woe wol graech syn jimmer warge lea,
In rêstplak jaen, hwer 't him gjin soargen komme.

Hwent sliep hat faek him 't hirde hert forromme,
As dreamen fen him dreauwen ûnk en wea;
Djip út syn siele is faek in fromme bea,
Yn klare nacht for God omhegens klommen.

Den gyng er wer mei nocht syn deiske paed,
As moarns mar 't sinnerea syn eagen aeide,
En wyld de wyn troch 't skurve baeitsje waeide;

Ja, inkeld wier 't den det er fleufich waard;
It bem fen wyn en sinne, blêd en blommen . . .
Mar gau waerd him wer lok en laeits ûntnommen.

NOARDERLJOCHT

O hillich Ljocht, det yn de nacht sa giel
De loft bistriel't yn 't hege kâlde Noarden,
O hoedzjend fjûr, ta seine fen de Goaden,
Dy 't toevje yn in stoer en sterk kastiel !

De pylken gean omheech, hja glânzgje alhiel
Oer d' iizge snie fen dizze iensume oarden;
O wisse wizers, bliid bitroude boaden
Dy't dildich wachtsjend stean, mids goud'ne priel.

Swiid Noardefljocht, wy lizz' mei fâld'ne hânnen
Ta wijing fen dyn glâns. Us eagen, drôf,
Stoarje oer de fiere skier-omrânne strânnen . . .

O mylde skynsels yn ûs tsjuster hôf,
Wûndere weelde oer ús feale lannen,
Wy wirde stil en lizz' ús harpen ôf.

TURDUS MUSICUS

De ljochte maitiidsmoarn bringt my dyn liet,
Bringt my dyn triljend lûd, sa súver, soun.
Dou sjongst it út en wer opnij bigoun
Is eltse klank for my in swiet geniet.

Dou sjongst dyn liet; in knop dy 't iepengiet,
In blom, dy priel't yn 't gêrs, de kjeltme oerwoun.
Ei ljeave sionster, hiel dit oard yn 't roun
Is fol fen fleur, en elts dy 't feest hjir fiert.

Ei, sjong, myn glânzge fûgel, 't is dy jown
To sjongen fen dyn noft, to kleijen dyn fortriet.
Jow 't oan de wyn dyn liet, de wyn forstiet
Dyn langstme, en treastget wol dyn hjerstge joun.

Ien ljochte moam – it is sa gau forroun
En mei de hjerst is hiel dyn liet fordwoun.

MARDER KLIF

Hjir rûz't de sé – de súv're Maeijemoarn
Is haechlik koel fen dert'ne súdewyn;
Foreale en grien komt er de lichten yn
Patsjend it keine blomt fen hagedoarn.

Hjir bloeit de dau – oer 't dampich sé-gerdyn
Streamt fûl en bliid it iere defljocht oan.
Heimige pronk, dy 't glinsterjend aloan
Sa tel forgiet, yn d' egen gloarjeskyn.

Hjirefter, oer in tún mei hearlik nôt;
Mei gêrstapyt – in park mei blomt en dier –
Leit Mardum, toer en beammen mânsk en âld.

En ta my komt geroft fen maitiidstier
Om d' âld moaréne, 't fûgelliet yn 't wâld,
En út de sé de weagen, fûl en swier.

DE STRIDER

Ei, bûgst dyn nekke, kant en krigel bist,
Rjue ûnfordfildich yn de iere moarn ?
Dyn liedsman gasp't him riem' en rêsting oan,
En springt yn 't seal, en troch de dauwe giest.

En lâns de dimm'ne hôfkes draechst de soan
Fen 't âlde Fryslân. Njue en frede is 't
Hjir, dêr 't de dei ta stille glâns him rist . . .
It ôfskied trillet silvrich út syn hoarn.

Him ropt de striid, fier fier fen d' âlde groun
Dindert it ûnk, en flammet oarlochsfjûr :
Hy hat syn jonkheit oan 'e goaden jown.

Goe-reis, jongfeint – en hynsder, gleon en pûr,
Det draecht in gouden lêst dizz' goud'ne stoun,
Oan jim myn bêste winsken waerm en djûr.

MIDSIMMER



I JOUN YN 'E MIEDEN

De joun, dy ammet wer syn koelens oer it mêd
En teart de blommen ta – de gleone sinne is gien.
Yet klinkt de seine, ef snijt it stiel it ripe grien,
En't fâlt, as yn 'e ljochte moarntiid noch sa rêd.

Hja witte fen gjin joun, al lûkt de lea hwet mêd,
En fielt it ark hwet klam, hjar is de tiid ûntgien.
Op eker's ein, den is it swiere deiwirk dien,
En siket men de tinte, 't jounmiel en it bêd.

De lytse wite tinte yn 't iepen jounich fjild,
Dy't noch hwet smoutens yn syn seil bisletten hâldt,
Is hjar in hillich honk fen stille en golle rêst.
En om hjar dûkt yn skimer hiel de wide wrâld,
De nachttiid lûkt syn klaed ek oer hjar ienlik nêst . . .
Me sliept, en hat in hoart de mêdde wiirgens field.

II SLIEPENDE HYNSDERS

De hynsders stean yn slom, hwet lins yn 't skoft,
En al yntiids mei 't wenstich weidzjen ré.
Efter de hikke, hymjend migjend fé,
Gearhokjend, nimmer stil, in waerne kloft.

Mar neat forsteurt de dream, gjin skonk fen 't sté,
Gys'ljend de swiere stirt troch lije loft.
De simmersinne apelt hjar op 't skoft;
In twirre troch hjar moannen, en oer 't swé.

Mar 't is gjin dreamersskoft; 't folts riist oerein
En hellet los de klean fen boarst ef lea,
En oan 'e harke hiel de warb're ploech.

De gudzen draeije 't fôarein, sleau en slûch,
Me ropt, de brede beagen wirde lein,
En rêstleas giet it oan yn't ripe hea.

OANTINKEN

Fyn ik it sté werom, de prûze blommen,
Yn stille glâns yet, mank it middei-skaed,
Dêr 't simmerwyn syn djûre koelens spraet,
En fûgels kweelje oer it ljeafde-kommen,

Ik scil net oerjaen oan de tins dy 't laet
In tiid tobek, do't w' oer de hichten klommen,
Us wille kwele en do 't dyn eagen glommen,
En glânz'ge it bloune hier yn ryk forskaet.

It is foarby; – by dy yn't skier forjit ?
Och, dizze blommen scill' dochs ek forwylje,
As 't beamt wer drôf it siersel fâlle lit.

Mar ik ha 't birgen, lyk in droege lylje
Yn 't heimich boek, hwerouer ik dreamend sit
By 't hjerst, as fûl de hirde wynen bylje.

JOUN

De mar leit yn in himelblanke rêst
En 't jounet om syn ich yn waerne kleur;
Allyk in blom, forwilet glâns en fleur
Fen d'eale dei; de floed fen ljocht is dwêst.

Heech tsjin de lette loft, yet seil en mêst
Fen d' izern tsjâlk – in dimmen fanke stjûrt,
It driuwt mar krekt, de skipper brûkt in kloet –
In mannich rounne rimpels gear der nêst.

Dit is de stiltme, dy 't myn hert genêst.
Byld det forgiet, oan dy myn stille groet
Yn dizze tale, earlik en bidêst.

O bounzjend hert, det nea en nearne rêst,
En al mar lûder k1oppet oant forgoed
De langstme stjert, allyk de gloede yn 't West. –

IENLIKE LYLJE

Ienlike lylje, dy 't oan 't boskpaed bloeit,
En stil de stâlle bûgt oer't bêd fen moas.
Hwet is hja blank, by mannich wylde roas
Yn 't lette ljocht, det troch de krúnen gloeit.

Ho dimmen stiet hja dêr, ho tear, ho oars
As yn de parken dêr 't it sinn'ljocht djoeit,
't Ljocht det him amper yn hjar priel fornoeit –
Ienlike lylje op in bêd fen moas.

Mar hark, hy komt, de holder, gounzjend om
Dit keine blêd, hweroer nin simmer blonk.
Hy komt, yn goud en giel, nei 't hillichdom,

In sjonger lyk, dy 't fen hjar romer dronk
De bêste wyn. Syn sungen rûzje'r om
En wirde wei yn hjar oersillich honk.

UTERT



I

De iere joun lûkt oer de pleinen gear,
Swier lynjend op 'e ljochten fen 'e stêd.
Sims, oer de skynsels rint in dining rêd,
En yn 'e loft is rûzich wyngbear.

En troch de strjitten droanet oan it ear
Rêstleaze stream en wieling, nimmer mêd,
As waerd net ien syn driuw en moeis'mens sêd;
Elts lûd slacht tsjin syn wjerlûd fûl en klear.

Sa barnt it joungedoch yn skyn fen giel
En as yn flammen blikkerje de mûrren,
Skerp britsen tsjin it wiuwend nachtflewiel;

En nei omhegens, steil fen dûnk're priel,
Dêr rize oer leech gekreau de mânske toerren
It al oergalmjend mei der stimmen stiel.

II

De Domstêd rêst, as 't jounet fyn en kâld,
Yn winters swarte pij tsjin poarp'ren kime,
En út it Easten strûst de froast, de grime,
Dy hat oer iepen fjild en wenten wâld.

't Skier twiljocht wint, in lette ierdske skime
Sa stiet de Dom oerein, yn greatens âld,
Mank twink'ling fen it stjerte, mannichfâld,
De stoere holle, wyn en kjeld omstrime.

Utert, myn tahâld, treastlik sylhouette,
Det ring toraent mei 't fâllen fen 'e joun,
Ik warje it wol, ik hâld it oan myn herte;

Dit byld yn brûns, it einlings, einlings woun,
Om sok in siersel, ei, ho'n blidens yette,
't Meinimmend yn 'e frjemdte oeral roun.

III

Bytiden binn' de nachten wiid en great
En tûz'nen stjerren bloeije yn dimm'ne priel;
De stêd leit dreamestil yn ljocht-gestriel
En jowt hjar woun en eigen djippens bleat.

En heimich twingt it swijen op, alhiel
Dit âlde skiere honk yn finz'ne steat,
Mar ek, hjar poarte en wâl ûntdreaun, ûntkreard,
En fen de nacht it wiid ûnfiember diel.

Den fâlt it let – in klear ienfâldich liet,
Det mingelt stil út dit formidden wei
Al stiller en al fierderoan oer d' ierd,

Unkearber sweevjend nei d'ûnskepen dei,
Dêr 't is gjin oanbigjin, gjin ein, gjin skied,
It neat en 't alles, like fier en nei.

IT WALD

Dyn heim'gens en dyn twiljocht noeget my,
En 'k scil ien amerije dreamend gean
By bjirk en popel lâns, wiid-út en skean
Omheech dy swiere tûken, sterk en frij.

Ien skoft – dyn súvre stiltme wirdt my bean,
En 'k fiel my lyts, en sûnder soarch, en blij;
Dyn paden binne al to stil en lij
Om net ûnwittend mank dyn leaf to steam

Allyk in fiver, bleek en stil en koel
Is my yn 't rûz'ge libben faek dyn rêst
In taflecht, fier fen droktme en gewoel.

De wirge rúter, op fen siele-lêst,
Ta heil. – Syn dampend toarstich hoars ta doel,
En al de libbenskrêft by dy birêst.

IT GOUDENE PARK

Troch 't goud'ne park strûst nou d' Oktoberwyn
En rimp'le yn de fivers 't stille wiet,
Wylst oer de paden 't loftich sweev'jen giet
Fen 't reade leaf, it dounsjen tear en fyn.

Twa wite swannen komm' de fiver yn,
It blanke pear, det dizze hjerstdei fiert,
En det net ealget, ho 't dit moai forgiet
Yn blide douns en bûnte weeldeskin.

Mar wol de wize wânn'ler yn dit park,
Dy 't troch de paden trapet, hoeden-stil,
En dimmen mijt de brûnz'ge blêddesark,

Hy wit: d' ûnlij'ge nachten binn' op til;
De dea, de tsjustre dea sjucht om syn ark,
En 't beamte suchtet húverich en skril.

HJERST

De hjerst is hjoed sa mijen en sa stil,
Det yn it middeisskoft de beammen dreame
Giel is it leaf fen diiznich griis omseame
En mank hier priel is flústring noch getril.

En strielen sinneljocht dy glide en streame
Myld en to-mûk troch iepen goud'ne krún.
't Formôge hout hat kleur, de dea ta hún;
In heim'ge bloei leit oer de swijs'me seame.

Hwet bloei – de wyn dy hellet oan en 't reint,
It klettert goud en giel en brûns en brún,
En 't lette gêrs de wiffe blêdden heint.

En yn in húvring stiet de seame skril,
Nou dochs sa drôf en sinneleas en skeind,
'k Fornim de hjerst, syn wêzen en syn wil.

FLATEROANWIZINGE:

blds.	9	rigel	10	dat	moat	wêze	det
„	9	„	13	dat	„	„	det
„	20	„	5	draegt	„	„	draecht